

PARSEBERJOCHT

30 augustus 2019

Jenny Douwes sprek't har út yn iepenUP Live

Se waard bekend as frontfrou fan de 'blokkearfriezen': Jenny Douwes fan De Harkema. As wurdfierder fan dy groep aksjefierders foar Swarte Pyt groeide Jenny út ta in nasjonale bekendheid. Yn iepenUP Live, de wyklikse talkshow yn gearwurking mei Omrop Fryslân en Neushoorn, sil Douwes op woansdei 4 septimber yngean op de gefolgen dy't har rol as aksjefierder hat op har libben as mem en ûndernimmer.

Okkerdeis waard Douwes fanwegen de blokkearaksje feroardiele ta in wurkstraf fan leafst 240 oeren. De rjochter neamde har as inisjatyfnimmer fan de aksje op 18 novimber 2017 tsjin de demonstranten fan Kick Out Zwarte Piet in 'opruier'. Mei 19 fan de 34 'blokkearfriezen' stiet sy 24 septimber yn heger berop op 'e nij foar de rjochter. Jenny feroarsake in nije rel doe't sy en har advokaat Wim Anker lulk opstapten by it tv-programma RTL Late Night, om't se gjin konfrontaasje woene mei Jerry Afriyie fan de aksjegroep Kick Out Zwarte Piet.

Yn iepenUP Live sil it prominente gesicht fan de 'blokkearfriezen' wiidweidich yngean op de gefolgen dy't har rol as aksjefierder hat op har libben as mem en ûndernimmer. Wol sy wol it boechbyld wêze fan rjochts-Nederlân, dat har graach yn dy rol nei foaren skoot? Is har striid it wol wurdich as se sels bedrige wurdt? En wat docht sy mei it ferwy't fan Kick Out Zwarte Piet dat Douwes net ree is ta in iepen diskusje en in reedlik petear?

IepenUP Live is fan woansdei 4 septimber ôf alle woansdeis om 20.00 oere yn it kafee fan poppodium Neushoorn en is live online te folgjen fia Omropfryslan.nl, de Omrop-app en de Facebookpagina's fan iepenUP en Omrop Fryslân.

Yn iepenUP Live stiet alle wiken in oar ûnderwerp sintraal oer aktuele fraachstikken, frijheid, demokrasy en diversiteit. Sa stiet ûnder oaren op 25 novimber Maria Alyokhina fan Pussy Riot, in Russyske, feministyske, politike punk rockband, op it podium en wurdt der praat oer wat Tinder mei je brein docht. Sjoch foar de folsleine list mei tema's op:

[Facebook.com/pg/OmropFryslan/events/](https://www.facebook.com/pg/OmropFryslan/events/)

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

PERSBERICHT

30 augustus 2019

Jenny Douwes spreekt zich uit in iepenUP Live

Ze werd bekend als frontvrouw van de ‘blokkerfriezen’: Jenny Douwes uit Harkema. Als woordvoerder van deze groep actievoerders voor Zwarte Piet groeide Jenny uit tot een nationale bekendheid. In iepenUP Live, de wekelijkse talkshow in samenwerking met Omrop Fryslân en Neushoorn, gaat Douwes op woensdag 4 september in op de gevolgen die haar rol als actievoerder heeft op haar leven als moeder en ondernemer.

Recentelijk werd Douwes vanwege de blokkeractie veroordeeld tot een werkstraf van maar liefst 240 uur. De rechter noemde haar als initiatiefnemer van de actie op 18 november 2017 tegen de demonstranten van Kick Out Zwarte Piet een ‘opruier’. Met 19 van de 34 ‘blokkeerfriezen’ staat zij 24 september in hoger beroep opnieuw voor de rechter. Jenny veroorzaakte een nieuwe rel toen zij en haar advocaat Wim Anker boos opstapten bij het tv-programma RTL Late Night, omdat ze geen confrontatie wilden met Jerry Afriyie van de actiegroep Kick Out Zwarte Piet.

In iepenUP Live gaat het prominente gezicht van de ‘blokkeerfriezen’ uitgebreid in op de gevolgen die haar rol als actievoerder op haar leven als moeder en ondernemer heeft. Wil zij wel het boegbeeld zijn van rechts-Nederland, dat haar graag in die rol naar voren schuift? Is haar strijd het wel waard als ze zelfs wordt bedreigd? En wat doet zij met het verwijt van Kick Out Zwarte Piet dat Douwes niet bereid is tot een open discussie en een redelijk gesprek?

IepenUP Live is vanaf woensdag 4 september elke woensdag om 20.00 uur in het café van poppodium Neushoorn en is live online te volgen via Omropfryslan.nl, de Omrop-app en de Facebookpagina's van iepenUP en Omrop Fryslân.

In iepenUP Live staat iedere week een ander onderwerp centraal over actuele vraagstukken, vrijheid, democratie en diversiteit. Zo staat onder anderen op 25 november Maria Alyokhina van Pussy Riot, een Russische, feministische, politieke punk rockband, op het podium en wordt er gesproken over wat Tinder met je brein doet. Kijk voor de volledige lijst met thema's op:

[Facebook.com/pg/OmropFryslan/events/](https://www.facebook.com/pg/OmropFryslan/events/)

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.